

Oan: De leden fan de fêste Keamerkommissjes Ynlânske Saken en Justysje en Feilichheid
Demisjonêr minister Ollongren fan Ynlânske Saken
Demisjonêr minster Dekker fan Rjochtsbeskerming
Demisjonêr minister Grapperhaus fan Justysje
Deputearre en Provinsjale Steaten fan Fryslân

Oer: Soargen oangeande it rjocht om Frysk te praten yn de rjochtbank

Ljouwert, 7 oktober 2021

Rju achte froulju en manlju politisy,

Op 16 novimber 2021 is it 70 jier lyn dat op it Saailân yn Ljouwert Kneppelfreed plakhie. Fedde Schurer waard op dy dei yn 1951 feroardiele foar in misledigjend krante-artikel oer it brûken fan it Frysk yn de rjochtseal. Doe't de útspraak bekend waard foelen der klappen, de plysje draaide de brânsput iepen, ried op de minsken yn en mepte mei gummykneppels. De dei gie de skiednis yn as Kneppelfreed.

Kneppelfreed spile in wichtige rol yn de striid foar de emansipaasje fan de Fryske taal en late der úteinlik ta dat it Frysk offisjeel de status fan twadde rykstaal krige. De Friezen krigen it rjocht om yn Fryslân har eigen taal ek yn de rjochtseal te praten.

No't de lêste Fryske tolk der lykwols mei opholden is en fan it rjochtbankpersoneel yn Ljouwert net easke wurdt dat se it Frysk (passyf) machtich binne, is it de fraach oft minsken altyd fan dat rjocht gebrûk meitsje kinne. De Ried fan de Fryske Beweging makket him dêr grutte soargen oer.

Dy lêste beëdigde Fryske tolk, Fedde Dijkstra, hold yn septimber l.l. op út protest tsjin it lege taryf dat der foar syn o sa wichtige en sekuere wurk jildt. Dat oeretaryf fan 43,89 euro is sûnt 1981 net feroare. Yn Dútslân krijt in tolk 85 euro. Net in berop yn Nederlân wêrfan't it taryf sa lang gelyk bleau, wylst der in grutte ferantwurdlikheid by tolken leit. In ferkearde oersetting kin grutte gefolgen hawwe foar de útspraak. Foar alle tolken, ek de Fryske, soe nei 40 jier stilstân in oanpassing fan de tariven en dêrmei erkenning foar harren wichtige wurk gjin lúkse wêze.

Frysk is de taal fan thús, de taal dy't foar de Friezen tichtby it gefoel en de emoasje stiet en dêr't se har it bêste yn útdrukke kinne, benammen as it om spannende en emosjonele mominten giet. It kin net sa wêze dat Friezen dy't foar de rjochter ferskine, net mear Frysk prate kinne. Se hawwe dêrta it rjocht en it Ryk is ferplichte dêr noed foar te stean en him oan de wet te hâlden.

Oanslutend op it debat 30 septimber l.l. yn de Twadde Keamer ropt de Ried fan de Fryske Beweging demisjonêr minister Dekker fan Rjochtsbeskerming op dizze saak mei de heechste urginsje op te lossen. De Ried is fan miening dat in tolk yn Fryslân net nedich wêze moatte soe en dat de oplossing socht wurde moat yn it oanstellen fan rjochtbankpersoneel dat it Frysk aktyf, mar op syn minst passyf, behearsket. Salang't dat net it gefal is moatte der fansels altyd kwalifisearre tolken Frysk beskikber wêze dy't fatsoenlik foar har wurk betelle wurde.

Wat dat oangiet stipet de Ried fan de Fryske Beweging fan herten de petysje oer de tolkekwestje dy't 6 oktober l.l. troch leden fan it Steatekomitee Frysk oanbean is oan de fêste Keamerkommisje Justysje en Feilichheid en oan minister fan Justysje Grapperhaus.

De Ried fan de Fryske Beweging freget it regear yn De Haach mei klam om der yn oerlis mei de provinsje Fryslân noed foar te stean dat Friezen dy't yn Fryslân foar de rjochter steane, altyd Frysk prate kinne en ek útdruklik op dat rjocht wiisd wurde.

Dit jier betinke we yn Fryslân 70 jier Kneppelfreed mei ferskate eveneminten. It sil dochs net sa wêze dat nei 70 jier in nije Kneppelfreed nedich is om foar de Friezen op 'e nij harren taalrjochten te befjochtsjen?!

Mei freonlike groetnis,
Pier Bergsma, foarsitter
Nynke Beetstra, skriuwer